



29693

DE TREFLIKE DOKTER PAUL

(De geweldige dokter Paul)

Klucht yn trije bedriuwen

fanHENK ROEDE

Fryske bewurking fan

Roel Klijnstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die dit stuk gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur te vermelden. De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd. Direct daarop volgend de titel van het stuk. De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt. Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau

I.B.V.A. HOLLAND bv

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl / Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van bundel bij de uitgever inclusief recht voor 10 opvoeringen.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.

Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Dokter Paul - Bistedokter dy't krekt in praktyk oernommen hat.

Lysbet - Assistinte fan de âlde, no fan de nije dokter. Eigensinnich, strang yn hâden en dragen.

Vermeulen - Hat de praktyk oer dien oan Paul. Makket him nearne drok oer.

Arie - Net sa jonge boer, dy't tegearre mei syn frou in hynstefokkerij hat.

Corrie - Syn frou, is sljocht op hynders. Rint yn rutersklean, mei swypke.

Rebecca - Sympatyke flotte frijgeselle frou.

Rita - Ex fan Paul.

Bearn - Biologylearaar

Willemyrn - Wat sleauw, hat tefolle bisten yn hûs nommen

Postrinner - Joviaal type, besoarget de post, dy't hy sels earst iepen makket.

DECOR:

Toaniel is opdiel yn twa helten: Lofts de wachtkeamer, mei in rigele stuollen en in buro foar de assistinte.

Fierder is der yn de lofterwand de bûtedoar, de yngong fan de praktyk.

Rjochts is de sprekkeamer, mei in buro en in behanneltafel. Fierder in kast mei medisinen en de medyske ynstruminten.

Midden op it toaniel de doar fan de wachtkeamer nei de sprekkeamer, in sabeare muorre.

Yn de wand de doar fan it hûs nei de praktyk.

EARSTE BEDRIJW

(Lysbet is efter har buro mei skriuwwurk dwaande. Willemyrn sit op

in stoel mei in doaze op har skoat)

WILLEMYN: Dus, dyn earste wurkdei by de nije dokter.

LYSBET: Ja, Willemyn. No, it sil my neidwaan.

WILLEMYN: Hoesa, hast der net folle betrouwen yn?

LYSBET: Och, ik wit net. It is gau sa goed as by dokter Vermeulen.

Dêr gie it der bytiden mâl om wei yn de sprekkeamer.

WILLEMYN: Hoe no, ju?

LYSBET: Lit mar. Ik ha einliks al tefolle sein. Wêr komst foar?

WILLEMYN: Myn pappegai.

LYSBET: Wat mankearret dat bist?

WILLEMYN: De kleur.

LYSBET: De kleur?

WILLEMYN: Ja. Dêr woe ik it efkes mei dokter oer ha. *(Rebecca komt yn mei in kat yn in reiskoer)*

LYSBET: Wer mei de poes op sprekoere, Rebecca?

REBECCA: Ja, dat sjochst.

LYSBET: En wat skeelt de poes dizze kear?

REBECCA: Jokte.

WILLEMYN: Hat dyn poes lêst fan jokte?

REBECCA: Ja, dat sei ik.

WILLEMYN: Hat myn poes ek wolris lêst fan. Meastentiids binne it flieën.

LYSBET: Dames, it liket my net nedich dat wy alles fan mekoars poes witte.

WILLEMYN: Hat dy poes fan dy dan noait lêst fan flieën?

LYSBET: Dy is keal.

REBECCA: Hielendal keal?

LYSBET: Ja. Ik ha in Sphynx. In Egyptyske neakenkat. Ik bin allergysk foat flieën.

REBECCA: En dan giest by in bistedokter oan it wurk? *(De hûsdoar giet iepen en Paul ferskynt yn de sprekkeamer)*

PAUL: Sa. Goed slept, de earste nacht yn myn nije hûs. En dan no de earste wurkdei yn myn eigen praktyk. In dream komt út. Hielendal foar my sels oan de slach yn it moaiste berop fan de wrâld. *(Rint nei de tuskendoar en stapt de wachtkeamer yn)* Moarn allegearre. Sa Lysbet, einliks mei elkoar oan it wurk en ik mei hoopje, datst der like folle sin oan hast as ik.

LYSBET: *(Net sa optein)* Ja, hear. Komt allegear goed.

REBECCA: *(Tsjin Willemyn)* Mei sa'n kreaze dokter soe ik ek wol oan de slach wolle.

WILLEMYN: *(ûnoazel)* Do bist dochs gjin feedokters assistinte.

PAUL: En wa wie der as earste oan bar?

LYSBET: Dat is Willemy. Dy hat wat problemen mei har pappegaai.

PAUL: Moai. Komme jo mar fierder. *(Paul giet mei Willemy de sprekkeamer yn. Willemy giet op de stoel foar it buro sitten, Paul der efter)* Dus, jo pappegaai. Hoe hjit it beesje?

WILLEMYN: Piety.

PAUL: Dat is dochs mear in namme foar in kanarje?

WILLEMYN: Ik tocht earst ek dat it in kanarje wie. Mar doe kaam er yn de groei. In wûnder, sa't er út ein sette. Ik leaude earst noch, dat it in grut soarte wie. Mar doe't er ynienen "Koppiekrauw" sei, doe wist ik, dit is ferkeard spul.

PAUL: Mar in pappegaai dat hat dochs ek wol wat.

WILLEMYN: Earst wol. Mar doe't er op in kear yn de rekken krige, dat er de tillefoan nei dwaan koe, roun ik de hiele dei om de nocht nei de tillefoan.

PAUL: Ja, dat is wol ferfelend fansels. Mar dêr kin ik ek net folle oan dwaan. Der sit gjin oan- en- útknop oan sa'n bist.

WILLEMYN: Ik ha doe noch al in oare tillefoan kocht. Mar de oare deis koe hy dy el al wer nei dwaan.

PAUL: Dus, dat joech ek al net folle.

WILLEMYN: Mar dêr kom ik net foar, hear.

PAUL: Soa, net? Wat skeelt der dan oan Piety?

WILLEMYN: De kleur.

PAUL: De kleur?

WILLEMYN: Hy is noch hieltyd grien.

PAUL: En wat is der mis mei in moaie griene pappegaai?

WILLEMYN: Ik woe sa graach in gielenien. Mar de man yn de winkel sei, dat hy noch ûnryp wie en dat hy earst rypje moast om de echte kleur te krijen.

PAUL: Ik bin bang, dat it sa net wurket by pappegaaien. Dus dêr kin ik fierder ek neat oan dwaan. It iennige wat jo dwaan kinne, is oerskilderje.

WILLEMYN: *(Mei de doaze nei de wachtkeamerdoar)*
Oerskilderje..... *(Mei de doaze ôf. Paul komt de wachtkeamer wer yn)*

PAUL: En wa is der no oan bar?

LYSBET: Wat tinkt jo sels?

PAUL: Oh..... eh, jawis. Wat kin ik foar jo betsjutte

LYSBET: Dit is Rebecca en har poes hat lêst fan jokte. *(Rebecca en Paul nei de sprekkeamer, sykje plak)*

PAUL: Dus jo poes hat lêst fan jokte.

REBECCA: Ja, ik kin der nachts hast net fan sliepe.

PAUL: Dan moatte wy dêr wat oan dwaan. Sil ik der efkes nei sjen?
(Nei de kattereiskoer)

REBECCA: Ja, graach. *(Makket risselwaasjes om har broek sakje te litten)*

PAUL: Ho..... Wat sil dit?.....

REBECCA: Hoe wolle jo der oars nei sjen? Oh..... Jo eh..... Jo tochten dat it om de kat gie?

PAUL: Dat leit noch al foar de hân. Ik bin bistedokter. En jo hawwe in kat by jo. Wat yn de frede hat dit te betsjutten?

REBECCA: Oh, wat in fertoaning..... De âlde bistedokter hat jo neat ferteld?

PAUL: Ik wit net, wêr't jo op oan wolle. Ik ha dizze bistedokterspraktyk fan Vermeulen oernommen. Dat wol sizze, dat tocht ik.

REBECCA: Lit mar gewurde..... Ik skamje my dea. Ik moat fuort.
(Nei de tuskendoar)

PAUL: Ferjit jo poes..... Jo kat net. *(Rebecca ratst hastich de reiskoer út de sprekkeamer en ferdwynt troch de wachtkeamer)*

LYSBET: No, komt it wer goed mei dyn poes?

REBECCA: Dat tink ik net..... *(Hastich ôf. Paul komt de wachtkeamer yn)*

PAUL: Dat wie in hiel nuver ferhaal.

LYSBET: Wêrom moat se har broek sa ophâlde?

PAUL: Dat is in hiel frjemd ferhaal.

LYSBET: Dat binne wy hjir wol wend. Fertel.

PAUL: Witsto bygelyks dat dyn eardere baas der..... *(Op dit stuit giet de hûsdoar iepen en komt Vermeulen der yn. Paul skrikt, giet de sprekkeamer yn, docht de tuskendoar ticht en keart Vermeulen op)*

VERMEULEN: Ah, jo wienen al út ein set sjoch ik.

PAUL: Ja, de earste klanten binne de doar al wer út. Mar wat dogge jo yn myn hûs.

VERMEULEN: Oh, ik hie noch in reservekaai fan it hûs. Kin noch wol ris handich wêze tocht ik.

PAUL: Ik ha de praktyk, mei it dêr by hearrende hûs, oernommen.

VERMEULEN: En wat wolst dêr mei sizze.

PAUL: Dat jo de kaaien allegear ynleverje moatte.

VERMEULEN: Dat hat dochs hielendal gjin nut. Krekt oarsom. It komt hiel goed út dat ik noch in kaai hâld. Jo witte mar noait, wer't dat goed foar is.

PAUL: Mar dat is dochs.....

VERMEULEN: It skeelt my no al in hiel ein om rinnen. Ik woe hjir einliks wêze foar dat de praktyk iepen gie. Mar ja, doe moast ik

earst noch nedich nei it húske.

PAUL: Dat wol ik hielendal net witte.

VERMEULEN: Jawol. Want oars hie ik dy net fertelle kind, dat it húskepapier hast op is.

PAUL: Jo binne by my op it húske west?

VERMEULEN: Ja, ik moast der dochs del, doe't ik nei dy ta gie. En myn eigen húske hie ik krekt himmele. Rûkt no wer hearlik nei lavindel.

PAUL: No wol ik, dat jo hiel rap myn kaai.....

VERMEULEN: *(Lit him net útprate)* Ik tocht ik kin der better fuortdaliks mar hinne gean om dy by te praten oer hoe't it hjir krekt rydt en fart yn dizze praktyk. *(Is al sitten gien op Paul syn plak)* Gean der mar efkes by sitten. *(Wiist op de stoel foar de klanten, Paul giet sitten)*

PAUL: De earste beide klanten wienen yndie wol hiel bysûnder.

VERMEULEN: Wa wienen dat?

PAUL: De earste, har namme wit ik net krekt mear, wie in frommis, dy't in pappegai by har hie. De kleur fan it bist stie har net oan.

VERMEULEN: Dat moat Willemynt west ha. Net al te snode en wat nuver yn de klean, tink?

PAUL: Ja, dat is sa.

VERMEULEN: Dy silst hjir noch wol folle faker sjen. Se hat hast in hiele bistetún by har hûs, mar sels is se de frjemdste fûgel fan alle gearre.

PAUL: Mar wat ik dêrnei meimakke wie noch folle healwizer.

VERMEULEN: Dat sil wol, dit is in nuveraardich doarp. Nim no bygelyks dyn assistinte. Ik ha har sels oannommen, mar heden hidskes, wat in tipelsinnich froutsje. Alles moat krekt neffens de regels. Wylst ik der fan út gean: Regels kinne jo ek wol wat frijer mei om gean. Wy komme om yn de regels. Bring der dan ek wat frijheit yn. Mar goed, dyn twadde klant. Wie dat ek sa'n frjemd gefal?

PAUL: Jawis, dat frommis kaam der yn mei in kattekoer. Mar de poes dy't der yn siet, dy mankearre neat. It gie om in oare poes..... tink ik.

VERMEULEN: Aha, op sa'n fyts. Sjoch, dat is no krekt wêrom as ik hjir bin.

PAUL: Jo hawwe ek lêst fan jekte?

VERMEULEN: Jekte?..... Nee, mar ik moat dy wat fertelle. Dat koe ik net earder dwaan, want dan wie de hiele keap faaks net troch gien. Sjoch, it sit sjesa, dit is net sa'n grut doarp. En foar in bistedokter falt it dan ek net ta om der in folslein bestean yn te finen.

PAUL: De jierrekkeningen dy't jo my sjen lieten, seagen der oars prima út.

VERMEULEN: Ja, dat is sa. Ik ha nammentlik op guon noeden hjir yn it doarp ynspile. Der is hjir yn it doarp nammentlik gjin húsdokter.

PAUL: Ja, en?

VERMEULEN: Dêr lei dus foar my de kâns om wat by t fertsjinjen.

PAUL: (*Tinkt nei*) Oh..... dus..... Jo dienen dat der dus sa wat by?

VERMEULEN: Ja, krekt. En dêr troch koe ik in rojaal ynkommen út dizze praktyk helje. No en dat ha ik mei help fan in finansjeel adfiseur op side set. En sa kin ik no rintienierkje.

PAUL: Mar soks kin dochs samar net.

VERMEULEN: Wis wol. As it mar goed belein is.

PAUL: Ik bedoel, om sûnder jildige papieren sprekoere te hâlden as húsdokter. Dat is hardstikke illegaal. Dêr hawwe jo en ik it foech net ta.

Vemeulen: Wy meie alle bisten, fan cavia oant sirkusoaljefant, mei alles wat der tusken yn sit behannelje. Dan kin der ek noch wol ien by. In minske is útsoarten ek gewoan in bist.

PAUL: Nee, dêr kin ik net yn mei gean. Dat sjoch ik hiel oars. Dat smyt ik fier fan my.

VERMEULEN: Do likest assistinte Lysbet wol. Ik ha it har noait ferteld en se mei it ek perfoast net witte. Want dan is se op slach fuort. Of noch slimmer, dan giet se nei de plysje. Dêrom ha ik ek tsjin alle minsken sein, dat se in húsdier mei nimme moatte om de skyn op te hâlden.

PAUL: Ik kin my der wol om besauwe. En jo nimme oan, dat ik dêr ek mei troch gean? Mei de boel hjir sa ta besoademiterjen?

VERMEULEN: (*Komt oerein*) Dat moattst hielendal sels witte. It is no dyn praktyk.

PAUL: Sa is't mar krekt.

VERMEULEN: Mar de bank moat wol alle moannen harren jild hawwe. En sa't it my taliket, silst dat sûnder dy eksta ynkomsten net rêdde.

PAUL: Dat sille wy noch wolris sjen. (*Vermeulen rint nei de hûsdoar*) Wêr sille jo hinne? Jo kinne wol troch de praktyk nei bûten ta.

VERMEULEN: Dat soe wol kinne, mar ik hie efkes kofje setten. En ik seach, datst'ek noch in lekker gebakje yn de kuolkast stean hiest. (*Rap troch de hûsdoar, dy't hy tichtklapt, foar dat Paul by him komme kin. Yn de tiid is Rita de wachtkeamer yn kommen. Se rint mei de hannen yn de rêch en it liif omheech. Under de klean hat se in kessen, sa dat se swier liket. Hymjend en stinnend siket se in stoel en giet sitten*)

PAUL: Jonge, jonge, wêr bin ik hjir yn fersyld.....(*Rint nei de tueskendoar en docht dy iepen*) De folgjende graach. (*Rita muoisum oerein, rint nei de tuskendoar*)

LYSBET: Mefrou, wêr komme jo foar?

RITA: (*Wiist op har liif*) Foar dit hjir.

LYSBET: Dit is gjin húsdokterspraktyk. En benammen gjin kreamklynk, wat miene jo wol.

RITA: Dat wit ik ek wol, mar ik moat Paul sjen.

LYSBET: Ho, dat giet samar net.... (*Giet oerein, mar Rita is al troch de tuskendoar en docht dy ticht. Lysbet giet wer sitten*) It giet der hjir noch mâller om wei as by de foarige dokter. Wat is dat dochs, dat it by dy feedokters mar wat oan rommelt?

PAUL: (*Stiet mei de rêch nei de doar by de medisinenkast*) Wat kin ik foar jo dwaan?

RITA: No, einliks is it al bard.

PAUL: (*Keart him om, sjocht har dikke liif*) Oh nee, dat kin net, hjir ha ik net foar leard, dit giet my fiersten te fier.....

RITA: No, dat seidest acht moanne lyn oars net, Paul.

PAUL: (*Sjocht no pas, wa't hy foar hat*) Rita! Wat dochsto hjir.

RITA: Wat ik hjir doch? Wat ik hjir doch? Do bist samar ynienen útpike.

PAUL: Nee, Rita. Us relaasje rûn op'e non. Wy binne út elkoar en dat is al moannen sa.

RITA: It is pas út, as ik siz dat it út is. En sjoch hjir mar, hjir kinst net mear foar fuortrinne. (*Toant har grouwe liif*)

PAUL: Is dat fan my?

RITA: Dàt?..... Ja, dàt is fan dy. (*Begjint te gûlen*) Do kinst my dochs net sitte litte, no't ik dyn bern ha moat?

PAUL: Soa. En de buorman dan?

RITA: Oh, dat. Nee, dêr is't net fan. Dy wie earder al ris holpen. (*Makket in knipbeweging mei de fingers*)

PAUL: Of de barman.

RITA: Nee. Dy wie ympotint.

PAUL: En de leadjitter?

RITA: De leadjitter?..... O ja, dy. Nee, dy hie sels swierrichheden mei syn leidingwurk.

PAUL: Of al dy oaren dêr't ik gjin weet fan ha.

RITA: Nee, fan dy oare tolve mânlju en trije froulju kin it ek net wêze. O ja en dy iene, dêr't ik net fan wit oft it in frou of in man wie.....

PAUL: Asjebleaft Rita, besparje my dit. Ik wol der neat mear oer hearre. Gean nei hûs, bou in libben op foar dy sels en lit my mei rêst.

RITA: Goed, ik gun dy yn earsten wat rêst om oan de sitewaasje te wennen. (*Nei de tuskendoar*) Mar sa maklik komst net fan my ôf, mantsje. Ik ha in keamer boekt yn it hotel hjir yn it doarp.

PAUL: Sûnt hoenear is hjir in hotel yn it doarp?

RITA: No ja, einliks is it gjin hotel, mar in bêd- en- brochje.

PAUL: In hotel kaam ek hiel frjend foar. Mar goed, dat der in bêd- en- brochje is.

RITA: No ja, einliks is it mar in lyts keamerke op in buorkerij, dêrt't de minsken fierder neat mei dienen. (*Wer fûl*) Mar dêr giet it net om. (*Raast*) Do silst noch fan my hearre, Paul! (*Dy grypt mei in pynlik gesicht nei syn earen*)

PAUL: Ja, ja, dat doch ik no al. (*Rita keart har om en rint grimitich troch de wachtkeamer, dan komt it har yn't sin dat se "swier" is, set de hannen wer yn de rêch en rint hymjend en stinnend de doar út*)

LYSBET: Wat wie dat foar in fertoaning? Ik ha der ek gjin idé fan, hokker bist as se by har hie.

PAUL: Dat wie my ex en dat is sels al in bist. En ik wol net, datst har der wer yn litst.

LYSBET: Ja, hâllo, ik bin gjin útsmiter. (*Arie komt de wachtkeamer yn*)

ARIE: Ah, de nije dokter.

PAUL: Ja, dat bin ik. En wêr kin ik jo mei helpe?

ARIE: Mei de fokkerij.

PAUL: (*Fersjit der fan*) Oh, nee, wol?

LYSBET: Arie hat in hynstefokkerij. Echte rashynders. Hast dy moaie Fryske hynst ek noch?

ARIE: Ja, hear. Mar hy stiet al te keap.

LYSBET: In pronkje. Myn freon en ik hawwe him al ris besjoen.

ARIE: It is wol ien fan myn toppers. Der moat hiel wat op it kleed komme, foar dat ik dy gean lit.

LYSBET: (*Waanwiis*) Myn freon hat hiel wat kappitaal, hear.

ARIE: As jimme der út binne, dan hear ik it wol. Mar ik moat earst dizze man efkes te wurd. (*Wiist op Paul*)

PAUL: In hynstefokkerij..... Dat sil wol slagje. Kom mar fierder. (*Giet mei Arie de sprekkeamer yn, docht de doar ticht*) Nim in sit. (*Giet sels ek sitten*) Hoe giet it yn de hynstefokkerij?

ARIE: No, tige by tige. Wy buorkje aardich foarút. En myn hynsten hawwe ek net te kleien. Mar myn eigen merje sjocht net mear nei my om..... Ja, begryp my goed, it betsjut foar my noch al wat om dêr mei by jo oan te kommen.

PAUL: Och, dat hynstefokken is eintsjebeslút dochs ek gewoan bussiness, netwier? Mar hawwe jo mar ien merje? It komt my foar,

dat soks fiersten te min is foar in fokkerij.

ARIE: Ja, fansels..... Sjoch, it falt net ta, om der oer te praten, mar it giet om yn eigen merje, begripe jo wol?

PAUL: Oh..... Jo hawwe de fokkerij yn pacht. De measte merjes binne fan in oar, netwier?

ARIE: (*Der mei oan*) Dokter..... Begripe jo no noch net, dat ik it net oer hynders hie?

PAUL: Oooh..... O nee, jo ek al? Ik hie hjoed noch mar ien konsult, dat oer in echt bist gie..... Oer in pappegaai, dy't in ferkearde kleur hie. Wêr bin ik hjir yn rûgele? Ik ha ommers hielendal gjin ferstân fan sokke problemen.

ARIE: No moatte jo ris goed nei my harkje. As jo my no net helpe, dan gean ik tenei mei alles, ek wat de hynders oanbelanget, nei in oar. Ik ha altyd de grutste klant fan dokter Vermeulen west. En sa'n klant wolle jo grif net kwyd.

PAUL: Nee, fansels net. Mar ik bin feedokter. Hoe moat ik jo dan helpe mei jo problemen?

ARIE: Ik bin in man, dy't ticht by de natoer opgroeid is. Tusken minsken en bisten binne mear oerienkomsten as ferskillen. Dat witte jo ek wol.

PAUL: Jo lykje de âlde feedokter wol. Dy tinkt der ek sa oer. Hawar, in adfys kin faaks gjin kwea. Wy moatte it mar besykje. (*Der wurdt op de doar kloppe en Lysbet komt yn*)

LYSBET: Steur jo net oan my, ik moat allinne wat papieren útsykje. (*Siket yn in kastje of op it buro*)

PAUL: Goed. Dus eeah..... Jo "merje" is net mear sa willich.

ARIE: (*Skoot wat ûnwennich op syn stoel*) Ja, sa kinne jo it wol stelle.

PAUL: En eh..... Jo "hynst" hat gjin problemen?

ARIE: Nee, hear, de hynst is neat mis mei. By him wurket alles hûndert prosint. Wat sis ik? Twahûndert prosint.

PAUL: Dêr leit it probleem dus net.

ARIE: Dat sei ik, neat mis mei.

PAUL: En eh..... Hoe is fierder de relaasje.

ARIE: Hoe woenen jo sizze?

LYSBET: (*Sjocht op fan de papieren*) Ja, wat in healwize fraach.

PAUL: No, dogge se wol oare dingen tegearre?

ARIE: Ja, de dingen dy't je dogge as je al sa lang tegearre binne.

PAUL: En se bringe de nacht noch wol tegearre troch yn deselde..... box?

ARIE: Dêr stiet har de holle net nei.

LYSBET: Oars soenen jo der ris in oare hynst by sette moatte.

ARIE: Watte? Bist no hielendal gek wurden?

LYSBET: No, sorry, hear. It like my wol in goeie rie.


ARIE: No, dêr prakkesear ik net oer.

PAUL: Jo soenen besykje kinne om wat mear fleur.....Harren mei wat mear wille dingen tegearre dwaan te litten. Wat mei romantyk of sa.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto